

## Fan Sint Jut nei De Jouwer

Guon ha der wolris de gek mei: “op twa útstapkes nei spilet praktysk dyn hiele libben him ôf op 40 km<sup>2</sup>.”

As bern fan dizze regio bin ik hikke en tein yn Sint Jut, ha de HAVO dien yn It Hearrenfean, studearre yn Meppel, de leafde fûn op De Jouwer en myn wurksame libben meastentiids wurke yn en rûnom De Jouwer. Minsken freegje my dêrom wolris as ik ek ferlet ha om ‘myn wjukken út te slaan en it fierderop te sykjen’. Myn andert dêrop is ienfâldich: ik hoech net te sykjen, ik ha it hjir al fûn.

Fryslân draacht al skoften de earetitel ‘moaiste Provinsje fan Nederlân’. En faaks soest sizze kinne dat De Fryske Marren ien fan de moaiste regio’s yn Fryslân is. In grut ferskaat oan lânskippen, feilich en moai wenjen, ekonomyske krêftregio en oer it generaal in sûne mienskip. Dat wol net sizze dat oare regio’s yn it lân minder as better binne, it wol allinne mar sizze dat ik my hjir poerbêst op myn plak fiel. En krekt dat moatte je hoedzje en noedzje.

Dat is foar my ek de reden west om polityk aktyf te wurden. Fan dei 1 ôf oan ha ik my it meast ferbûn field mei de FNP. De FNP stiet foar sunich wêze op wat wy hawwe mar ek kânsen jaan oan wat kin. Dêrby fynt de FNP it tige wichtich om mei stipe fan de krêft yn ús mienskippen ta droegen inisjativen te kommen dêr’t dy mienskippen fierder mei kinne. Ik bin myn politike karriêre starten as skaadfraksjelid, dêrnei twa terminen as riedslid en no yn de posysje fan wethâlder. Dat is in grutte eare mar ek in like grutte ferantwurdlikheid.

Eltse dei meitsje je karren dy’t direkt ynfloed hawwe op it libben fan de minsken yn ús gemeente. En yn ‘myn’ portefúljes is dy ynfloed gauris direkt te fielen: Romtlike Untwikkeling, Fergunningen, Folkshûsfêsting, Gemeentlik fêstguod en Frysk taalbelied. Der is my dêrom alles oan gelegen om eltse kear wer in ferstannige kar te meitsjen: foar de generaasje fan no, foar de generaasje fan ús bern en foar de generaasje fan ús bernsbarn. Sadat hja yn faaks de moaiste regio fan Nederlân wurkje, wenje en libje kinne.

Chris van Hes